

## Regeling Karlêzingen

Regeling foar it oernimmen fan parten fan literêre wurken yn publikaasjes dy't makke binne om brûkt te wurden as taljochting by it ûnderwiis, fêststeld troch de bestjoeren fan MEVW en GAU en fan de Auteursbond.

### De regeling

Oerwagende,

- dat kêst 16 fan de Auteurswet (AW) de mooglikheid biedt om sûnder foarôfgeande tastimming fan de auteursrjochthawwer(s) parten fan wurken fan letterkunde, wittenskip of keunst oer te nimmen yn in publikaasje dy't makke is om brûkt te wurden as taljochting by it ûnderwiis (hjernei te neamen: 'ûnderwiislearmiddel'), mits oan in stikmannich betingsten foldien wurdt;
- dat dy betingsten ûnder mear ynhâlde dat it oernimmen neffens datjinge wêze moat dat nei de regels fan it maatskiplik ferkear ridlikerwize tastien is, en ek dat foar it oernimmen in billike fergoeding oan de auteursrjochthawwer(s) betelle wurdt;
- dat de bestjoeren fan de Koninklijke Nederlandse Uitgeversbond (KNUB) en de Vereniging fan Letterkundigen – Vakbond van Schrijvers (VvL) in 'Regeling Karlêzingen' opsteld hawwe yn 1974, de lêste kear fêststeld op 1 jannewaris 2002, om in neiere hânsume ynfolling te jaan oan de yn kêst 16 AW stelde betingsten foar karlêzingen bestimd foar it ûnderwiis;
- dat de Regeling Karlêzingen foar alle oanbelangjenden in administratyf bewurklike prosedure mei him meibringt dy't boppedat net mear folslein tapasber is yn it gefal fan elektroanyske foarmen fan brûken;

komme de bestjoeren fan MEVW en GAU en de Auteursbond oerien om de ynhâld fan de Regeling Karlêzingen mei yngong fan 1 augustus 2022 sa fêst te stellen:

### Kêst 1: Wurkingsfear

1. Dizze regeling is fan tapassing op troch leden fan MEVW binnen Nederlân útjûne ûnderwiislearmiddels, yn print likegoed as yn elektroanyske foarm, dêr't koarte parten fan literêr wurk of koarte literêre wurken yn oernommen wurde.
2. Dizze regeling is net fan tapassing op ûnderwiislearmiddels dy't ûnder de ferantwurdlikheid fan it befoege bewâld fan in ûnderwiisinstelling makke wurde om brûkt te wurden as taljochting by it ûnderwiis dat binnen dy ynstelling besoarge wurdt, lykas *readers*.

### Kêst 2: Definysjes

1. Under 'oernimmende útjouwer' wurdt yn dizze regeling ferstien: de útjouwer dy't it ûnderwiislearmiddel gearstalt of gearstalle lit, en dêrfoar (parten fan) literêre wurken út in útjefte oernimt.
2. Under 'oarspronklike útjouwer' wurdt yn dizze regeling ferstien: de útjouwer fan it literêre wurk út waans útjefte oernommen wurdt yn it ûnderwiislearmiddel.
3. Under 'oarspronklik wurk' wurdt yn dizze regeling ferstien: itsij in selsstannige útjefte dêr't it wurk fan in auteur yn opnommen is (lykas in poëzybondel, ferhalebondel, novelle, roman),

itsij de publikaasje fan in auteur yn in sammelbondel of tydskrift, dêr't ek wurk fan oaren yn opnommen is. In oarspronklik wurk kin yn printe likegoed as yn digitale foarm ferskynd wêze.

4. Under 'ûnderwiislearmiddel' wurdt ferstien in digitaal of papieren wurk, besteande út in oantal gearhingjende produkten, dêr't de leerkrêft/dosint ûnderwiis mei besorgje kin, dat past binnen gongbere noarmen en op dy manier it learproses fan skoalbern/studinten stjoere, begeliede en folgje kin.
5. Under 'edysje' wurdt ferstien ien of mear, omtrint ûnferoare, printen/ferzjes/*releases* fan in ûnderwiislearmiddel.

### **Kêst 3: Noarmen foar koart wurk c.q. (koarte) parten**

1. Mei behâld fan it bepaalde yn kêst 4, mei de oernimmende útjouwer sûnder tastimming fan de oarspronklike útjouwer koarte wurken of koarte parten fan it hiele oarspronklike wurk yn syn ûnderwiislearmiddel oernimme, mits de folsleine grutte fan it koarte wurk of it koarte part c.q. koarte wurken of koarte parten binnen de neikommende grinzen bliuwt:
  - a. maksimaal 2500 wurden proaza;
  - b. maksimaal 100 rigels poëzy.
2. De noarmen foar koart wurk c.q. in koart part, lykas neamd yn kêst 3.1, wurde yn dizze regeling beskôge as parten 'yn oerienstimming mei itjinge nei de regels fan it maatskiplik ferkear ridlikerwize tastien is', lykas bedoeld yn kêst 16 AW.

### **Kêst 4: It brûken fan de regeling**

1. De oernimmende útjouwer moat tagelyk oan de neikommende betingsten foldwaan:
  - a. it wurk dêr't út oernommen is moat rjochtmjittich iepenbier makke wurde;
  - b. de bepalingen fan kêst 25 AW moatte yn acht nommen wurde;
  - c. de boarne moat op in dúdlike manier neamd wurde, en ek de oantsjutting fan de makker, as dy yn de boarne foarkomt;
  - d. as it it oernimmen yn in kompilaasjewurk oanbelanget, mei fan ien en deselde makker net mear oernommen wurde as in pear koarte wurken of koarte parten fan syn wurken.
2. Binnen op 'en heechsten in moanne nei ferskinning fan it ûnderwiislearmiddel krijt de oarspronklike útjouwer fan de oernimmende útjouwer in berjocht fan it oernimmen. De oarspronklike útjouwer stjoert dêrnei in faktuer nei de oernimmende útjouwer, konform it bepaalde yn kêst 5.
3. Binnen op 'en heechsten twa moannen nei ûntfangst fan de faktuer fan de oarspronklike útjouwer, sil de oernimmende útjouwer de billike fergoeding betelje mei it achtslaan fan de bepalingen fan dizze regeling.
4. De oernimmende útjouwer jout oan de oarspronklike útjouwer as er dêr om freget in bewiiseksimplaar fan it troch him produsearre ûnderwiislearmiddel. Yn it gefal dat in koart part of in koart wurk allinne oernommen wurdt yn in digitaal ûnderwiislearmiddel, wurdt as bewiiseksimplaar beskôge:
  - a. in print fan it oernommen part yn it digitale ûnderwiislearmiddel;
  - b. it berjochtsjen fan de URL fan it digitale ûnderwiislearmiddel;
5. De oarspronklike útjouwer ynformearret de auteursrjochthawwer(s) oer it oernimmen. As de rjochten net (mear) by de oarspronklike útjouwer berêste sil er dat zo gau mooglik oan de oernimmende útjouwer te witten dwaan mei ferwizing nei de rjochthawwer(s).

### **Kêst 5: Berekening fan de ‘billike fergoeding’**

1. De billike fergoeding is in fergoeding foar ien kear foar it brûken fan it oarspronklike wurk yn in edysje fan it ûnderwiislearmiddel, foar it brûken yn fysike boeken likegoed as yn digitale ferzjes dêrfan.
2. De billike fergoeding berint € 19,75 de 100 wurden, en dêrby wurdt it oantal wurden dat oernommen wurdt, rekkenkundich ôfrûne op (in mearfâld fan) 100 wurden.
3. By oernimmen fan minder as 200 wurden makket de oernimmende útjouwer foar ien kear € 19,75 oer oan de Stichting Willem Kloosfonds yn De Haach, Bankrekkennûmer NL67GILL0227540190 mei it neamen fan ‘ôfrekkenjen billike fergoeding’.
4. Foar it oernimmen fan folsleine gedichten jildt, likefolle de grutte, in minimumfergoeding fan € 36,75 it oernommen gedicht.
5. De yn dit kêst neamde bedraggen wurde mei yngong fan 1 jannewaris 2023 alle jierren yndeksearre oan 'e hân fan de CPI-yndeks. It aktuele taryf kin opfrege wurde by de Auteursbond, MEVW of GAU en is te sjen op de websiden fan de oanbelangjende organisaasjes ([www.auteursbond.nl](http://www.auteursbond.nl), [www.mevw.nl](http://www.mevw.nl), [www.algemene-uitgevers.nl](http://www.algemene-uitgevers.nl)).

### **Kêst 6: Opnij brûken**

Yn it gefal fan in nije edysje fan it ûnderwiislearmiddel, dêr't nije koarte wurken of nije koarte parten fan wurken yn opnommen binne, krije it berjochtsjen en ôfrekkenjen har beslach neffens it bepaalde yn de kêsten 4 en 5.

### **Kêst 7: Yngean, doer en evaluaasje**

Dizze regeling giet yn op 1 augustus 2022 en jildt foar alle op of nei 1 augustus 2022 ferskynde en te ferskinen ûnderwiislearmiddels. De nije fergoedingsregeling wurdt oangien foar in tiidrek fan fiif jier. Nei ferstriken fan dat tiidrek wurdt de regeling evaluearre.

Amsterdam, 1 juli 2022

# Taljochting Regeling Karlêzingen

## Kêst 1: Wurkingssfear

- 1  
De regeling fan 1974 wie oarspronklik bedoeld foar troch edukative útjouwerijen útjûne ‘literêre karlêzingen, samlingen fan proaza en/of poëzy, ûntliend oan oarspronklike of oersetste wurken, dy’t as doel hiene om de skoalbern fan basis- en fuortset ûnderwiis fertroud te meitsjen mei it lêzen fan en/of te yntrodusearjen yn de literatuer yn de romste sin fan it wurd’. Yn ’e praktyk krige de regeling lykwols in folle bredere tapassing. De wurkingssfear fan de opnij besjoene regeling is no dan ek útwreide oant alle troch MEVW-leden útjûne ûnderwiislearmiddels, dy’t makke binne om brûkt te wurden as taljochting by it ûnderwiis, as en foarsafier’t dêryn koarte wurken c.q. koarte parten fan literêr wurk oernommen wurde.

De wizige regeling fan 2002 bliuwt de basis foar de regeling, mar de fergoedingsformule is yn it ramt fan de nije Regeling Karlêzingen 2022 omset yn fêste fergoedingen foar fysyk likegoed as digitaal brûken.

- 2  
Dizze regeling slacht net op it oernimmen yn ûnderwiislearmiddels dat troch of yn opdracht fan ûnderwiisinstellingen sels produsearre wurde foar it ûnderwiis oan de eigen studinten of skoalbern (de saneamde ‘readers’). Foar ‘readers’ bestean aparte regelingen dy’t troch de Stichting UvO ([www.stichting-uvo.nl](http://www.stichting-uvo.nl)) fasilitearre wurde.

## Kêst 3: Noarmen foar ‘koart wurk’ c.q. ‘(koarte) parten’

- 1  
Foar it oernimmen fan parten of ‘koarte’ wurken dy’t langer binne as de oanjûne grutte, jildt ynstee fan de regeling dêr’t it om giet it gewoane auteursrjochtlike rezjym: foar soksoarte oernimmen is altiten foarôfgeande tastimming fan de rjochthawwer(s) fereaske. It maksimum oantal wurden dat oernommen wurde mei, jildt foar elk apart wurk. Dat wol sizze dat as bygelyks út in wurk fan proaza mear koarte fragminten oernommen wurde, dat tastien is oant 2500 wurden mei-inoar.

## Kêst 4: It brûken fan de regeling

- 1b  
Under it earbiedigjen fan de saneamde ‘persoanlikheidsrjochten’ út kêst 25 AW wurdt ferstien it earbiedigjen fan de persoanlike bân tusken de auteur en syn wurk. Ek yn it gefal dat de makker gjin inkeld eksploitaasjerjocht mear hat, bliuwt altiten foar de makker de mooglikheid bestean om him te fersetten tsjin elke oantaasting fan it wurk, of it moast wêze dat dat ferset yn striid wêze soe mei de ridlikheid. By oantaasting fan it wurk kin tocht wurde oan wiziging, oanfolling, beheining, nammewiziging en al soks.
- 2 en 3  
It yn dizze regeling beskreaune berjochtsjen en beteljen oan de oarspronklike útjouwer tsjinnet as feringing fan de regeling foar ‘tige koarte fragminten’ út de Regeling Karlêzingen

út 1974. De regeling dêr't it om giet stribbet itselde doel nei, nammentlik in administratyf ferienfâldige procedure foar lytse bedraggen.

#### **Kêst 5: Berekening fan de 'billike fergoeding'**

- 4  
Op grûn fan kêst 5.3 soe by oernimmen fan in folslein gedicht fan minder as 200 wurden in fergoeding oan it Willem Kloosfonds oermakke wurde.  
Kêst 5.4 garandearret it útkearen fan in minimumfergoeding oan de rjochthawwers foar it oernimmen fan folsleine gedichten fan beheinde grutte.
- 5  
De jierlikse yndeksearring wurdt basearre op de CPI-yndeks.

#### **Kêst 7: Yngean, doer en evaluaasje**

It doel fan de regeling dêr't it om giet njonken de regeling fan 2002 is om de ôfdracht fan fergoedingen te ferienfâldigjen en om de hichte fan de fergoedingen te yndeksearjen. De evaluaasje nei fiif jier hat as doel om te besjen oft dizze regeling nei nocht fan alle oanbelangjenden wurket.